

Konsepttekst ‘canon’ Fryske skiednis, drs. K. Huisman

230205

It troch de Nederlânske steat ratifisearre *Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden* neamt net allinnich in tal easken foar ûnderwiis yn de Fryske taal, mar ek yn de Fryske skiednis. Dat lêste faset hat oant no ta amper omtinken krigen, omdat fierwei de measte oandacht útgong nei de taal. Sjoen it útgongspunt fan de opstellers fan it hânfest (nammentlik de beskerming fan de lytsere taalkundich-kulturele identiteiten sûnder in eigen steat) leit it foar de hân om by dit troch it hânfest foarstiene skiednisûnderwiis **net allinnich** te tinken oan de **feitlik groeide sitewaasje**, mar ek oan dy fasetten, dy't mei dy **spesifike eigen identiteit** te krijen hawwe. Yn in nije fyzje op it skiednisûnderwiis oan Fryske skoallen soe soks betsjutte kinne dat der in twaspoarebelied folge wurdt. Oan de iene kant wurdt omtinken jûn oan de ûntwikkelings dy't ta de Nederlânske skiednis hearre, mar tagelyk wurdt dy ûntwikkeling hieltyd wer relatearre oan de dêrmei korrespondearjende fasetten fan de Fryske skiednis. Dus net allinnich omtinken foar it yngroeien yn de (Nederlânske) ienheidssteat, mar ek foar dy fasetten, dy't oant hjoed de dei ta befoarderlik west hawwe foar it fierder bestean fan de Fryske identiteit.

As wy it oer Fryske skiednis hawwe, wêroer hawwe wy it dan? It docht bliken dat dêr noch net sa maklik in slutende definysje fan jûn wurde kin. It meast ienfâldich liket, Fryske skiednis te sjen as de skiednis fan de Nederlânske provinsje Fryslân. Mar dochs docht by neier ynsjen bliken dat dat net botte befrediget. Want der hawwe yn it ferline hiel wat minsken west dy't harsels as Friezen seagen, mar alhiel net yn it gebiet fan de hjoeddeiske provinsje Fryslân wennen. Mar boppedat: der binne ek hjoed de dei bûten dizze provinsje krite mei de namme Fryslân/Friesland: *West-Fryslân* yn Noard-Hollân, *East-Fryslân* en *Noard-Fryslân* yn Dútslân en dan ek noch de Kreis Fryslân om Wilhelmshaven hinne. Dêrom kin de Fryske skiednis beswierlik beheind wurde ta dy fan de Nederlânske provinsje Fryslân.

Omdat Fryslân ‘lân fan de Friezen’ bestjut, liket it dêrom ek logysker dat Fryske skiednis heart te gean oer it kollektyf dat bekend stiet as Friezen. Dat is in kollektyf, dat al yn de Romeinske tiid neamd wurdt. Dat dat kollektyf yn de rin fan de tiden mooglik hiel yngripende feroarings meimakke hat, sels mooglik sa, dat de hjoeddeistige Friezen foar it grutste part net útskaaie fan dy út de Romeinske tiid, is net fan belang. Wa't dat al fan belang liket, tinkt yn bloedlinen. De hjoeddeistige Friezen sette, troch har út te sprekken dat hja Friezen binne, in **kulturele entiteit fan twa millennia** fuort, en lykje dat fan belang te achtsjen, oars soene se harsels net as Friezen beskôgje. Dat moderne kritearium is it iennichste dat telle mei.

It sil dúdlik wêze, dat ôfsjoen fan it boppesteande, de ynhâld fan dat begryp ‘Friezen’ him yn de rin fan de tiden ek nochal wizige hat. De ynwenners fan gebieten mei in ieuwenâld Frysk ferline, lykas **Hollân** en **Grinslân**, sjogge harsels oer it generaal net mear as Friezen. Doch heart der by ‘Fryske skiednis’ wol op de ien of de oare wize omtinken jûn te wurden oan dy histoaryske feiten, al soe it allinnich mar wêze om yn ús moderne tiid ûnder Fryske bern al te provinsjaal-sjauvinistyske gefoelens yn it foar te kommen. It laat tagelyk ta it ynsjoch dat de Fryske skiednis mooglik wolris wichtiger foar it ûntstean fan it lettere Nederlân wêze kin as it skiednisûnderwiis oant no ta faken hawwe woe. Kennisse fan en belutsenens by de **Fryslannen yn Dútslân** kin liede ta it ferbreedzjen fan it konkrete, op ús eigen skiednis belutsen eachweid oer de steatsgrins hinne. Kennisse fan de

skiednis kin ek liede ta de ûntdekking dat Fryske belutsenens by **Europa** en de **wrâld** al in hiel ier ferskynsel is (de Fryske hannel yn de iere en folle midsieuwen en it katolike Fryslân mei in eachweid oant yn Rome, mei syn eigen Friezentsjerke).

Mar wêrom soene wy pleitsje foar ûnderwiis yn Fryske skiednis yn de krekt omskreaune betsjutting? Rûnom yn Nederlân wurdt klage oer in ferskriklik brekme oan kennis fan it Nederlânske ferline. Dat Pim Fortuyn keazen wurde kin as de grutste Nederlanner fan alle tiden, seit in soad oer it ûntbrekken fan in goed histoarysk witten ûnder in soad Nederlanners. Wylst krekt it witten, hoe't ús mienskippen en bestjoersfoarmen, ús omgean mei elkoar en frijheid ûntstien binne, wêzentlik binne foar in goede opstelling yn in tiid fan ôfnimmende tolerânsje en tanimmende bedriging fan de demokrasy. En krekt yn it Fryske ferline sitte saken, dy't op syn minst **in eigen aksint jûn hawwe oan dy ûntwikkelings dy't Nederlân makke hawwe wat it wurden is**. Dus as der ûnder Nederlânske histoarys en dosinten ferlet bestiet ta in nije besinning op it wêzentlike fan de Nederlânske skiednis, dan is it alhiel net frijend dat ek ûnder Fryske histoarys en dosinten sa'n ferlet nei in ûndersyk yn de Fryske skiednis bestiet.

Nederlân bestiet winliken eins pas sûnt 1813, of mooglik sels pas sûnt 1839 (it jier fan de definitive ôfskieding fan België) en as men de tiid fan de yn de Republyk feriene sân soevereine provinsjes derby rekkenje wol, sûnt de sechtjinde ieu. Dochs wurde hiel wat iuwen foar 1600 ek ta de 'Nederlânske' skiednis rekkene, ek doe't gjin minske wist wat Nederlân wie. Sa wurdt de Nederlânske skiednis ek wolris hiel rom sjoen, lykas yn de fyftjindielige 'Algemene geschiedenis der Nederlanden' (1981-1982). Dy nijsgjirrige searje is mei syn omtinken foar 'de Nederlanden' oant yn Frankryk ta winliken in skiedniswurk oer de hiele Beneluks. En dêr is neat op tsjin, ek net as frijwat ûntwikkelings dy't yn België begjinne, dochs ek mar ta de Nederlânske skiednis rekkene wurde (literatuer en skilderkeunst).

Yn har artikel 'Wat iedereen móet weten van de vaderlandse geschiedenis. Een canon van het Nederlands verleden', dat de histoarys Jan Bank en Piet de Rooy skreaun hawwe yn *NRC/Handelsblad* fan 30 oktober 2004, rekkenje hja ek dy lange foartiid foar de sechtjinde ieu ta de Nederlânske skiednis en sjogge de minsken út dy tiid as 'Nederlanners', wylst dy lju it hiele begryp Nederlanner neat sei. Dat is in wêzentlik ferskil mei de Fryske skiednis, omdat it kollektyf 'Friezen' folle âlder is as it kollektyf 'Nederlanners'. Hja komme yn har artikel ta in beskriuwing fan it wêzentlike foar tsien tiidrekken fan prehistoarje oant it jier 2000. Dy yndieling yn tiidrekken hawwe hja oernommen út it advys fan de *Commissie Historische en Maatschappelijke Vorming* fan 2001. Yn it *NRC/Handelsblad* fan 13 novimber is in hiele side mei reaksjes opnommen. Ien fan de punten fan krytyk wie dat de 'canon' fan Bank en De Rooy te min yngien wie op de Europeeske en wrâldskiednis. In oar punt wie dat har ûntwerp fierstentefolle manljusskiednis werjoech.

Neffens it advys, dat de *Onderwijsraad*, it heechste advysorgaan fan minister Van der Hoeven, op 17 jannewaris 2005 presintearre hat, moatte fuortset, heger en beropsûnderwiis de studinten boargerskip bybringe. It is neffens de ried needsaaklik dat it skiednisûnderwiis weromkomt en dat der op de skoallen omtinken komt foar **it fuortsterkjen fan de Nederlânske identiteit**. Dêrta moat der troch wittenskippers en ynteressearre amateurs in 'canon' gearstald wurde fan de **Nederlânske kultuer en skiednis**. Mar as it giet, lykas it oant no ta altyd gien is, falt te ferwachtsjen dat it in **folsein sintralistysk-Hollânsk ferhaal** wurdt, en it Fryske elemint hielendal ferdwynt. It is dêrom de heechste tiid dat wy ús yn Fryslân opponearje, om yn elts gefal ús foarstelling fan it ferline op tafel te lizzen en yn it ûnderwiis te bediskusjearjen. It feit dat de Nederlânske ryksoerheid ús as **nasjonale minderheid** erkend hat, is dêrta in ekstra stimulâns. Dy posysje fan nasjonale minderheid wol sizze,

dat neffens de ryksoerheid wy Friezen in minderheid mei in eigen idee fan naasje binne binnen de Nederlânske steatsnaasje.

Dy yndieling fan de kommisje kin net sûnder mear foar in beskriuwing fan it wêzentlike út de Fryske skiednis oernommen wurde. Dat komt omdat de ûntwikkelings yn it Fryske gebiet net hieltyd deselde west hawwe as dy yn it Nederlânske gebiet, en ek omdat de troch de kommisje en Bank en De Rooij ferûnderstelde skaaimerken fan in beskaat tiidrek yn de Fryske lannen soms justjes oars wiene. Soks hat ûnder oaren te krijen mei in **ferskil yn persepsjes**. De kommisje sit, yn neifolging fan it gongbere Nederlânsk skiednisûnderwiis, folle mear op it spoar fan in ûntwikkeling dy't yn it suden plakfûn, nei feodaliteit en greeflikheid. De ûntwikkeling yn de Fryske lannen wykte dêrfan ôf. Eins binne de Fryske lannen mar tafallich binnen it lettere Nederlânske steatsferbân bedarre. It wie, sjoen yn it perspektyf fan it tiidrek 1400-1580, noch mar tige de fraach oft de Fryske lannen tusken Sudersee en Elbe automatysk yn it lettere Nederlân en it lettere Dútslân telâne komme soene. Der hawwe yn dy tiid mear as ien kear oansetten west, mei as wichtichste de machtsútwreiding fan de East-Fryske greve Edzard Cirksena koart nei 1500, dy't yn ús part fan de wrâld hiele oare steatkundige ûntwikkelings mooglik meitsje kind hienen.

De yndieling fan de kommisje kin wat tiidrek 1 (prehistoarje) en 2 (Romeinske tiid) oanbelanget, folge wurde. Mar yn it advys fan de kommisje wurdt bygelyks tiidrek 3 (500-1000) omskreaun as de tiid fan muontsen en ridders, en dy tusken 1000 en 1500 dy fan stêden en steaten. Yn de Fryske sitewaasje hat it eigenskip, dêrfan ôf te wiken, en in ûnderferdieling yn trije tiidrekken te meitsjen yn stee fan twa: 3. de tiid fan it Fryske keninkryk (400-750), 4. de tiid fan muontsen, ridders en greven (750-1250), 5. de tiid fan de Fryske frijheid (1250-1500). Dat lêste tiidrek kin ek de ûntjouwings omfetsje, dy't Bank en De Rooij beskriuwe foar it tiidrek 1000-1500: de tiid fan stêden en steaten. De kommisje hat nei 1500 noch fiif tiidrekken: 5. Tijd van ontdekkers en hervormers (1500-1600). 6. Tijd van regenten en vorsten 1600-1700. 7. Tijd van pruiken en revolúties 1700-1800. 8. Tijd van burgers en stoommachines (1800-1900). 9. Tijd van wereldoorlogen (1900-1950). 10. Tijd van televisie en computer (1950-2000). Foar de Fryske skiednis soe dan de folgjende yndieling folge wurde kinne: 6. Tiid fan herfoarmers en ûntdekkers (1500-1600). 7. Tiid fan steedhâlders en teologen (1600-1798). 8. Tiid fan feral (1800-1900). De lêste twa tiidrekken soene dan wer dy fan de kommisje wêze kinne: 9. Tiid fan de wrâldoorlogen (1900-1950). 10. Tiid fan televyzje en kompjûter (1950-2000).

Tiid fan boeren en jagers (foar 12 foar Kristus)

De Friezen wurde foar it earst neamd troch de Romeinen by foarfallen dy't har ôfspilen yn it jier 12 foar Kristus. It is lykwols oannimlik, dat de namme *Friezen* - dy't oant no ta net befredigjend ferklearre is en dêrom foar 't neist in prehistoaryske oarsprong hat - noch in stik âlder is as dat jier. Hoe âld, falt net te sizzen. Oan de skiednis fan de Friezen is de skiednis fan oare folken foarôfgien. Hokfoar nammen oft dy prehistoaryske folken hân hawwe, witte wy net. Wy witte fan har bestean troch argeologysk ûndersyk. De lizzing fan it Fryslân fan de prehistoarje oan de see en rivieren wie in wichtige faktor yn it ûnstean fan **seevaart en hannel**. De prehistoaryske Friezen wennen op **terpen (wierden)** en koene al (lytse) **polders** oanlizze. Hjir leit eins it begjin fan de lettere Nederlânske tradysjes fan hannel en ynpolderings.

Tiid fan de moeting mei de Romeinen (12 foar Kristus - 400 nei Kr.)

De earste skriftlike meidielings oer de Friezen en dêrmei ek de âldste fermelding fan har namme tankje wy oan de Romeinen. Wis is, dat it kontakt mei de Romeinen in grutte ynfloed hân hat op it tinken fan de minsken. Soks docht bliken út in soad fynsten út de terpen. It kontakt ferrûn net altyd

like freedsum. De Friezen binne ek de earsten yn it gebiet fan it lettere Nederlân dy't mei súkses yn **opstân** komme **tsjin it Romeinske gesach**, yn 28, goed fjirtich jier foar de ferneamde opstân fan de Bataven, dy't yn it lettere Nederlânske skiednisûnderwiis sa'n wichtige rol spile hat. Nei dy oarloch fan 28 hawwe der noch inkelde ieuwen fan almeast freedsume kontakten tusken Romeinen en Friezen bestien. Fan wêzentlik belang foar de lettere Nederlânske skiednis is it feit, dat it de Romeinen net slagget om harren macht bliuwend út te wreidzjen noardlik fan de Ryn. Dêrtroch binne der oant hjoed de dei ferskillen tusken Nederlân noardlik en Nederlân súdlik fan de grutte rivieren. Dat de Romeinske ynfloed net fierder kommen is, is mei te tankjen oan de Friezen.

Tiid fan it Fryske keninkryk (400 -750)

Nei it fuortgean fan de Romeinen binne der inkelde ieuwen lang gjin skriftlike meidielings oer ús kontreien mear. Nei inkelde ieuwen docht bliken dat de namme Friezen noch altyd bestiet. Dat soe derop wize kinne dat der al dy tiid earne in skaai fan keningen en preesters (preesteressen) west hat dat de Fryske tradysjes fuortset hat. Mar it is oannimlik dat der har hiel wat oare lju by dy Friezen foege hawwe, mooglik út Denemarken wei. Dy skiednis ferliest him yn de saneamde Tsjustere Ieuwen. Der is wol it ferneamde ferhaal oer de striid yn de Finnsboarch, dêr't ek yn it ûnderwiis wol in moai ferhaal te fertellen falt oer de tragyske keninginne Hildeburh dy't man en soan yn de striid ferliest, mar it is de fraach yn hoefier't it histoaryske werklikheid is. Mar it bliuwt in feit dat dy striid lokalisearre wurdt yn it Fryske gebiet. Der wurdt, as der wer boarnen komme, sprutsen oer in **Frysk keninkryk** oan de kust fan de Noardsee tusken Skelde en Hilgelân. Der binne ek inkelde nammen fan keningen bekend (**Aldgisl** en **Redbad**), dy't striid fiere moatte tsjin de Franken. It binne mei fan de âldst by namme neamde autochtoane keningen út it lettere Nederlânske gebiet. Yn har tiid komt it hannelsplak **Doarestêd** ta bloei, dat ôfwikseljend yn Fryske en Frankyske hannen is. In dochs wol wat fassinêrjend ferskynsel binne de **rune-ynskripsjes**. Dy kinne as de âldste uterings fan Fryske literatuer sjoen wurde. As **keunst** kinne de moaie sulveren en gouden foarwerpen sjoen wurde, dy't út dat tiidrek yn de terpen fûn binne.

Tiid fan muontsen, ridders en greven (750-1250)

Om 750 hinne is de tiid fan it Fryske keninkryk foarby. De Franken hawwe it Fryske en Saksyske gebiet ynnommen. It ferset sil noch wol inkelde kearen opflamje, mar Karel de Grutte, keizer fan de Franken, wit alle tsjinstân del te slaan. It **kristendom** wurdt nei de Fryske lannen brocht troch Angelsaksen (Willibrord, Bonifatius en Willehad). Mar it Fryske gebiet leveret foar de lettere Nederlânske skiednis foar dit tiidrek in figuer fan formaat op: de yn de Fecht-krite yn Utert berne evangeeljepreker **Liudger**, dy't in eigen bisdom stifet (Munster). It doetiidske Fryske gebiet falt ûnder trije bisdommen: Utert, Munster en Bremen. Fan de bard **Bernlef** út Grinslân, dy't troch Liudger fan syn blinens genêzen wurdt, binne spitigernôch gjin teksten oerlevere. Wol wurdt fan him sein dat er yn de folkstaal song. Guon wolle hawwe dat mei him de Fryske literêre tradysje begjint. Al yn dy tiid stifte Friezen, krekt as de Angelsaksen, in eigen tsjerke yn Rome. Dy '**Friezentsjerke**' bestiet noch altyd en is yn ús tiid troch it Nederlânske episkopaat adoptearre. Under it Frankysk opperbewâld bloeit de Fryske hannel; der wurde op frijwat plakken yn Noard- en West-Europa Fryske **keaplju** neamd. Karel de Grutte en syn opfolgers stelle yn it 'hartochdom Fryslân', lykas oeral yn har ryk, greven oan, dy't yn har opdracht it lân bestjoere. In wichtich greefskip yn it Fryske gebiet is *Kennemerlân*, de kearn fan it lettere **greefskip Hollân**. De earste greve dêrfan is **Gerulf**. *Hollân* hjit oant 1100 ta *West-Fryslân*. Fan de tolfde ieu ôf ferdwynt de Fryske identiteit fan Hollân hieltyd mear nei de eftergrûn, en der komt in nije, de Hollânske, foar yn it plak. Ek de Fryske taal ferdwynt dêr stadichoan, al wurdt der yn de santjinde ieu yn lytse hoekjes fan Noard-Hollân noch altyd Frysk praat. Yn dat tiidrek falle ek de ynfallen fan de **Noarmannen**. In

prachtich tsjûgenis wat Fryslân oangiet, is it ferhaal fan de Iislanner Egil Skallagrimsson út de earste helte fan de tsiende ieu.

Tiid fan de Fryske frijheid (1250-1500)

Dy tiid komt oerien mei dy fan de stêden en steaten fan de kommisje. Ek yn de Fryske lannen tusken Hollân en de Wezer- en Elbekriten komt it ta in soarte fan steatsfoarming: der ûntsteane in grut tal 'frije' distrikten, dy't besykje har ûnder it greeflik gesach wei te fjochtsjen. Dat laat mear as ien kear ta grutte fjildslaggen, dêr't dy fan **1345** by **Starum** de bekendste fan is. De Fryske ferdigeningsoarloggen wurde inkelde kearen yn hiel Europa ferneamde keningen fataal: de Deenske kening Abel (1252) en de Hollânske greve en roomsk-kening (en sawat keizer) Willem II (1256). Dêromhinne ûntstiet in persepsje, as soene de Friezen sûnt de âldste tiden frij west hawwe. Of op syn minst sûnt Karel de Grutte, dy't de Friezen fanwegen bysûndere fertsjinsten de frijheid skonken hie. De **ideology fan de Fryske frijheid** sil oant yn ús tiid ta in rol spylje yn it Fryske tinken. Ek komt it ta de foarming fan stêden. Wichtich binne **Grins** en **Emden**, omdat se in oerhearskjende posysje yn har omkriten witte op te bouwen, mar der ûntsteane ek stêden dy't in minder dominant plak ynnimme, lykas **Starum**, **Boalsert**, **Snits**, **Frjentsjer**, **Ljouwert** en **Dokkum**. Yn Grinslân besiket Appingedaam it ta stêd te bringen, mar dat wurdt tsjinwurke troch Grins, dat bang is syn steapelfunksje te ferliezen. Yn East-Fryslân liket de saak mear op dy yn Westerlauwersk Fryslân, mei stêdlike ûntjouwings yn Lear, Norden en Jever. Dy konstatearring jout ek krekt in nijsgjirrich ferskil oan tusken de ûntwikkelings yn Westerlauwersk Fryslân en East-Fryslân oan de iene kant en dy yn Grinslân.

Der ûntbrekt in greeflik gesach. De fredestiftsjende en oarderhanthavenjende rol fan de greve en hartoch yn oare kriten wurdt yn de Fryske lannen foaral spile troch de machtige **abten fan de grutte kleasters** (ûnder oare: Klaarkamp, Aduard, Mariengarde, Gerkeskleaster en Lidlum). Omdat dy rol fan de abten beselskippe wurdt troch in kristlik noarmbesef, hat it eigenskip om oan te nimmen dat de mentale grûnslach foar de lettere Nederlânske oerliskultuer en de tolerânsje al ier lein is yn de Fryske lannen. In rudimintêr foarbyld fan it oerlismodel is it foar de hanthavening fan de lânfrede wichtige **Upstalsbeamferbûn**, dat lykwols gjin stân wit te hâlden tsjin de hieltyd wer de kop opstekkende partijskippen (Skieringers en Fetkeapers). By dit ûnderdiel kin omtinken jûn wurde oan wichtige abten, lykas Fretherik fan Hallum, de stifter fan Mariengarde (1163) en Bethlehem by Aldtsjerk (1170), Eelko Liauckama fan Lidlum (1332), Emo fan Witewierum, mar ek oan Renick Bockama, de stifter fan it kleaster Thabor. Der binne hiel aardige, yn it Nederlânsk oersetste kleasterkroniken fan Mariengarde, Witewierum en Thabor, dy't tagelyk ek in soad ynformaasje jouwe oer har tiid. Guon Fryske kleasters wiene yn dy tiid sintra fan ûnderwiis, mar ek yn guon doarpen wiene ûnderwizers, meast geastliken. Skriftlike stikken binne yn it Latyn en it Frysk. Der binne **Aldfryske oarkonden** fan 1329 oant 1573. Literatuer is der, foarsafier bekend, net skepen. De keunstsinnigens uteret him benammen yn de **tsjerkebou** en de **muorreskilderings** yn de tsjerken.

Neffens Nederlânske histoarysje soe it oerlismodel benammen tebekgean op de ynfloed fan de Hollânske wetterskippen en 'hoogheemraadschappen' (ik haw it mar net oersetten, al soe *heechhiemriedskippen* wol moai wêze fansels), mar de dykferbannen en sylfesten yn de Fryske lannen binne minstens sa âld. Foar it oanlizzen en ûnderhâld fan diken - in ûnbidich wurk - wie in soad oerlis needsaaklik. De plicht ta dyksûnderhâld stiet yn it midsieuske Fryske lânrjocht: 'Dit is ek lânrjocht, dat wy Friezen in seeboarch hawwe te stiftsjen en te ûnderhâlden, in gouden hoep, dy't om hiel Fryslân leit.' En mei dat 'hiele Fryslân' waard doe it gehiel fan Fryske lannen bedoeld. Dat **Fryske rjocht**, mei syn singeliere kêsten, is in ûnderwerp op himsels. Ek dat ferhaal fan **oerstreamingsrampen** en **lânferlies** (de ûndergong fan bewenne lân tusken Fryslân en Noard-

Hollân en yn it noarden fan Noard-Hollân, en ek de ynbraken fan Lauwerssee, Dollart en Jade en de ûndergong fan in hiel grut stik fan Noard-Fryslân) en **bedikings** (Middelsee, Lauwerssee, en ek wer Dollart en Jade) en de **ûntginningses** fan de grutte feangebieten nei binnen ta (de lettere Lege Midden en de Wâlden by ús, it Âldamt en it Dollartgebiet yn Grinslân, en it Brokmerlân yn East-Fryslân) is tige nijsgjirrich.

De midsieuwen binne ek foar de Fryske lannen in tiid fan ynternasjonale kontakten: troch de **krústochten** (mei as kurieus ynsidint: yn 1097 slút in float Fryske seerôvers, dy't omkrúst yn de eastlike Middellânske See, him oan by de earste krústocht), troch de **hannel** (oant yn Ruslân ta binne yn Fryslân en Grinslân sleine munten weromfûn), en troch **stúdzje** (al om 1200 hinne studearren Friezen oan universiteiten yn Frankryk en Ingelân, wylst Fryske kleasters studinten fan fier ôf oanlutsen; yn de lette midsieuwen wurken minsken as Thomas à Kempis en de fransiskaner herfoarmer Johannes Brugman yn Fryslân; Brugman hie in wichtich oandiel yn it tastânkommen fan it stêdsrjocht fan Boalsert).

Tiid fan herfoarmers en ûntdekkers (1500-1600)

Omdat it yn it skiednisûnderwiis wenst is, alle ûntjouwings te sjen yn it ljocht fan de lettere útkomst, is der gjin each foar autonome ûntjouwings dy't tsjin dy efterôf sa fanselsprekkend lykjende trend yngyngen. Dochs is it fan belang (yn ferbân mei it fuortbestean fan it Fryske identiteitswitten) wat krefter te sjen nei de politike sitewaasje yn de fyftjinde en begjin sechtjinde ieu. Der binne inkelde oansetten dy't liede kind hiene ta **in steat Fryslân lykas Switserlân** dat wurden is. Der is it Traktaat fan de **Sân Seelannen** dat in foarsichtich besykjen is om it hiele Fryske gebiet mei wat omlizzend lân (Drinte, de Kop fan Oerisel, Sealterlân, en Hadeln oan de Elbe) te ferienigjen, alteast as in by elkoar hearrende ienheid fan frije seelannen te sjen. Der is de mooglikheid fan in Fryske Fürstenstaat fan Starum oant de Deenske grins, mei it oanstellen troch de Dútske keizer, fan **Albrecht fan Saksen** as foarste bestjoerder yn 1498. En der is de machtsútweiding oant de Lauwers ta fan de East-Fryske greve **Edzard Cirksena** efkes letter. Bekend is dat Jancko Douwama Cirksena as steedhâlder woe oer Westerlauwersk Fryslân. Dy Fryske unifikaasjepolityk is mislearre. Fan gefolgen foel it Fryske gebiet tusken Sudersee en Wezer útinoar yn Fryslân, Grinslân, East-Fryslân, Jever en Butjadingen, dat no definityf ûnder it hartochdom Oldenburg rekke. It mislearjen fan de Fryske steatsfoarming is foar 't neist ek de wichtichste reden foar it ferbaljen fan de Fryske taal út it offisjele domein. It Frysk hie yn de fyftjinde ieu al in oanmerklik terreinferlies lit yn Grinslân en de omkriten fan Emden mei foardiel fan it Nederdútsk, en dy ûntjouwing sette no fierder troch. Fryslân en Grinslân waarden yn 1523 en 1536 diel fan it Habsburchske ryk, en dêrmei diel fan de Nederlannen. Der bliuwt in gefoel fan ûnôfhinklikens bestean, mar der is ek loyalens mei de sintrale macht. It meast sprekende foarbyld is wol de rjochtslearde en steatsman **Wigle fan Ayta**, dy't himsels nei de Latynske moade fan dy dagen Viglius neamde. Hy hie wichtige funksjes yn it ryk fan Karel V. East-Fryslân soe noch mear as twa ieuwen in selstannich greefskip bliuwe.

De Fryske lannen spylje in wichtige rol yn de reformaasje. Mar yn dat ferbân moatte yn it foarste plak de Grinslanner foargongers **Rudolf Agricola** (1443-1485) en **Wessel Gansfort** (1419-1489) neamd wurde, mei har oant yn Itaalje ferneamde reputaasje fan humanistyske tinkers. Hja geane dêryn foarôf oan Desiderius Erasmus. De lettere 'progressive' rol fan de noardlike gewesten yn de reformaasje kin net sûnder har ynfloed sjoen wurde. East-Fryslân wurdt al ûnder Edzard Luthersk en dêrmei ûntstiet yn syn greefskip in soarte fan relative **godtsjinstfrijheid**. Dy godtsjinstfrijheid sil pas mear as in heale ieu letter yn Fryslân en Grinslân ta stân brocht wurde. Mar ûnder de âlde macht ûntstiet yn Fryslân wol in beweging dy't liede sil ta de âldste protestantske tsjerke: dy fan de út de werdopers (in yn Fryslân en Grinslân machtige sekte) fuortkommen menisten, mei as stifter en

foargonger **Menno Simons** fan Wytmarsum. De wat lettere beweging fan **Johannes Calvin** kriget yn de jierren sechstich fan de sechtjinde ieu yn de noardlike gewesten oanhing. Oanhingers wurde ferfolge en fine (tydlik) in taflecht yn Emden, dat oan safolle 'frjemdelingen' binnen de stêdsgrinzen in tiid fan ekonomyske en kulturele bloei te tankjen hat. As de opstân tsjin Spanje begjint, wurdt it yn Fryslân ek besocht (1566 en 1572), mar alle kearen wurdt it ferset delsein. Der komt sels noch in bisdom Ljouwert mei in steile kontrareformist (Cunerus Petri) as biskop. Yn 1580 kieze de Steaten fan Fryslân as gefolch fan in kalvinistyske steatsgreep de kant fan de opstân tsjin Spanje, dy't yn Hollân dan al in skoft mei súkses oan de gong is. It is opmerklik dat soks bart mei in útdruklik berop op de âlde Fryske frijheid, dy't hjirmei weromkommen is. En dat uteret him ek yn in politike kwestje, dy't yn it fannijs autonome Fryslân fuortdalik opspilet: it skeel tusken de steedhâlder **Willem Loadewyk**, dy't ta wol op in oranzjistyske ienheid, en de Fryske nasjonalisten **Karel Roorda** en **Eko Isbrandi**. Karel Roorda stribbet nei in kalvinistyske Fryske steat, dêr't Grinslân ek by heart. Yn dy tiid leit Fryslân ek jierrenlang yn de frontliny, mei moarddiedige ynfallen fan it Spaanske leger (**Slach by Boksum**, 1586) en oanslaggen op Fryske stêden (de mûklist mei de **bierskippen fan Sleat**, 1588), mar ek mei it oanlizzen fan skânsen en súksesfolle tsjinoffinsiven, mei as úteinlik resultaat de ferovering fan de stêd Grins (1594).

De nije tiid bringt ek it ferbetterjen fan it **net fan kanalen**, sadat der goede ferbinings oer it wetter tusken de wichtichste Fryske stêden ûntsteane, en de **ynpoldering fan It Bilt**. Yn 1533 kriget, mei it fêststellen fan it **Grut-Arbitramint**, de organisaasje fan de seediken en dus de ferdigening tsjin oerstreamings de foarm dy't it oant hjoed de dei ta holden hat. De Fryske gewesten hiene har, troch in op hannel rjochte wize fan lânbou, yn de fyftjinde ieu ekonomysk ûntjûn ta moderne gewesten, en dat ferklearret mei it ekonomyske súkses dat se yn de sechtjinde en santjinde ieu waarden. Der ûntstie in libbene hannel mei it Eastseegebiet. De Fryske gewesten wiene diel fan in bloeiende Noardwest-Europeeske sône, mei Hollân en Flaanderen as sintrum. De ûntdekkingsstocht fan de Skylger **Willem Barents** past ek yn dy ûntjouwing, lykas it mysterieuze eilân Frisland, dat op sechtjinde en santjinde iuske kaarten súdwestlik fan Iislân yntekene stie op seekaarten: it wie in mytyske yllustraasje fan Fryslân as seefarrende naasje fan it noarden. Tydlike ekonomyske tebeksetters waarden feroarsake troch oarloegen, belestingheffings en oerstreamings. Soms koene de gefolgen fan oerstreamings allinnich mei hurde hân ûngedien makke wurde, lykas troch de Spaanske lânfâd **Caspar di Robles** nei de Alderheljenfloed fan 1570.

Nettsjinsteande oarloegen en rampen kin der wat de sechtjinde ieu oanbelanget, ek sprutsen wurde fan kulturele en wittenskiplike bloei. De yn 1501 ferstoarne muonts **Dodo fan Snits**, dy't yn Bazel meiwurke oan de earste printe útjefte fan de wurken fan Sint Augustinus, falt noch yn in earder tiidrek. Wichtige figueren binne de arsjitekt **Hans Vredeman de Vries** (1527-1606), dy't in grutte ynfloed hie op de boukeunst yn hiel Noard-Europa, in renêssânsefiguer mei Europeeske útstrieling; de komponist **Jacques Vredeman** (1558-1621) en de skilder **Adriaen van Cronenburg**, ferstoarn koart nei 1600. Op it wittenskiplike mêd falle benammen de juristen, natuerkundigen en histoarisyske op. De jurist Viglius spile ek in grutte rol yn it bestjoer fan it Habsburchske ryk. By de natuerkundigen moat sûnder mis neamd wurde Jemme Reindersz fan Dokkum (**Gemma Frisius**, 1508-1555), heechlearaar yn Leuven, troch syn beskriuwing fan de trijehoeksmjitting de grûnlizzer fan de kartografy yn de Nederlannen en learnmaster fan bekende kartografen as Jacobus van Deventer, Christiaan Sgrooten en Gerhard Mercator. As **Frjentsjer** yn 1585 in **universiteit** kriget (nei Leien de twadde yn de Republyk fan de Feriene Provinsjes) kinne wittenskippers yn Fryslân sels ek oan de slach, lykas **Adriaan Metius** (1571-1635), heechlearaar yn de wis-, seefeart-, lânmjit- en festingboukunde. Der ûntstiet in eigen Fryske historiografy, mei nammen fan gelearden fan Frjentsjer oant en mei Grinslân en foarby Emden. **Suffridus Petrus** (Sjoerd Pipers, 1527-1597),

heechlearaar yn Keulen, wurdt yn 1590 de earste offisjeel beneamde skiedskriuwer fan Fryslân. Wat Westerlauwersk Fryslân oanbelanget, kin ek Reyner (Regnerus) Bogerman (1475- nei 1566) neamd wurde. Foar Grinslân binne fan belang: **Sicke Beninga**, Abel Eppens en Johan Rengers ten Post, yn East-Fryslân **eggerik Beninga** en **Ubbo Emmius** (1547-1625), de earste rektor-magnifikus fan de yn 1614 stifte **universiteit fan Grins**.

Tiid fan steedhâlders, wittenskippers en teologen (1600-1798)

Efterôf wurdt yn de Nederlânske historiografy hieltyd wer dien as wie it moderne Nederlân mei it ûntstean fan de Republyk fan de Sân Feriene Provinsjes in feit. Dat is dúdlik sa net; de gewesten wiene soeverein; de Republyk wie in **ferbân fan soevereine provinsjes**. Troch syn ekonomyske machtsposysje spile Hollân de earste fioele. Mar de hiele twa ieuwen dat de Republyk bestie betelle Fryslân (11,6%) nei Hollân (58%) it measte oan de algemiene kas fan de Steaten-Generaal. Benammen de Steaten fan Fryslân lieten har hieltyd wer op it weromwinnen fan de Fryske frijheid foarstean en bewekken har ûnôfhinklikens tige krekt. Dat bleau sa oan de ein fan de Republyk yn 1795 ta. De steedhâlders, oan de iene kant tige ferbûn mei de Hollânske Oranjes, fungearren yn in beskaat opsicht as symboalen fan dy Fryske ûnôfhinklikens. It seit himsels dat Fryslân dêrtroch mear as ien kear yn tsjok farwetter kaam is mei de troch it gewest Hollân dominearre Steaten-Generaal. Der hawwe, somtiden hast op de râne fan iepentlike oarloch, útfochten **kwestjes** west, lykas by de legering fan **Fryske detasjeminten** yn de festings yn Grinslân, Drinte en Oerisel yn de jierren 1580-1600 en de om 'e nocht fierde Fryske pleiten foar in **ferleging fan de bydrage** oan de algemiene kas fan de Republyk, doe't it oarlochsgefaar wat foarby like (1610). Doe't yn 1792 einlings it kwotestelsel op 'en nij opset waard, waard erkend dat Hollân al dy twa ieuwen te min, en Fryslân tefolle bydroegen hie. De Steaten-Generaal hat ek wol besocht in ein te meitsjen oan it ôfsûnderlike steedhâlderskip yn Fryslân (1640), mar om 'e nocht. Alle kearen waarden de skelen lykwols wer bylein, omdat de driging fan bûten te grut wie om in iepen brek riskearje te kinnen. De **Frysk-Hollânske leafde-hateferhâlding** foarmet mei syn oarsaken in nijsgjirrich faset fan de skiednis fan de Republyk, mei de fraach, hoe't Hollân útgroeie koe ta it machtichste en it toansettende gewest.

Dochs spilen de Fryske gewesten net swak by wat de ekonomy oangiet. De kustgewesten fan de Republyk belibben yn de santjinde ieu in ekonomyske bloei fan komsa. Fryslân hie dêr diel oan, mei hannel en yndustry. Mar hjir spile de konkurrinsje ûnder elkoar ek in wichtige rol, en dat wie miskien wol ien fan de stimulânsen fan dy groei. Fryslân besocht omdôch ynfloed te krijen yn de Eastyndyske en Westyndyske Kompanjy. Der hat sels koarte tiid in eigen **Fryske Eastyndyske Kompanjy** bestien, mar dy late allinnich in papieren bestean. Yn de praktyk diene Friezen ek mei oan de kompanjyen yn Hollân. De bekendste is **Pieter Stuyvesant** (1592-1672, dy't it sels yn 1646 ta goeverneur fan Nij-Nederlân (New York) brocht. Hjir moat ek de yn it Grinslânske Lytsegast berne **Abel Tasman** (1603-1659) neamd wurde, de ûntdekker fan Tasmanië en Nij-Seelân.

Yn de achttjinde ieu wurdt it, lykas yn de hiele Republyk, minder. Spesjaal wat Fryslân en Grinslân oanbelanget, kaam dêr de **feepst** by, dy't in tusken 1714 en 1748 hieltyd wer op 'en nij de boeren gisele en in net te beskriuwen skea oplevere. Fierders ûnderhold it gewest Fryslân boppe syn krêften jierrenlang in leger, dat meifocht yn de Spaanske Suksesje-oarloch 1702-1713. Boppedat teisteren tusken 1665 en 1717 **stoarmfloeden** it lân. Dêr kamen noch de útjeften oerhinne dy't foar de dykfersterking útjûn wurde moasten nei de pealwjirmsykte yn 1731. De **hannel** op de Eastsee stagnearre ek en konsintrearre him wat langer wat mear op Amsterdam.

Fryslân falt, yn ferliking mei guon gewesten, op troch in wat **froufreonliker klimaat**. Dat hat sûnder mis te krijen mei de prominente rol fan de steedhâldersfroulju, dêr't guon soms jierrenlang, omdat

har manlju al dea wiene en de soannen noch te jong om op te folgjen, praktysk steedhâlder oer Fryslân (en soms ek oer Grinslân en Drinte) wiene en dêr dan in wichtige rol spilen: **Albertine Agnes**, lânfâdes fan 1664 oan 1675, **Amalia** (1697-1709) en **Maria Louise fan Hessen-Kassel (Marijke Muoi)**, fan 1711 oant 1729. In oanwizing is ek, dat yn Fryslân, lykas yn Hollân, **gjin hekseproessen** west hawwe. It klimaat wie dêr ek op tsjin: yn Fryslân wenne en wurke de dûmny en teolooch **Balthasar Bekker**, pleiter tsjin tsjoenderij. Mar ek de learde **Anna Maria van Schurman** en de keunstneresse Maria Sibylla Merian, beide oansletten by de yn oare lannen net wolkomme **Labadistekoloanje**, fûnen in wolkom taflechtsoarde yn Wiuwert. En de ynternasjonaal ferneamde Antoinette Bourignon (1616-1680), dy't fanwegen har dweperige nijljochterij hieltyd wer flechtsje moast, mar úteinlik op Nordstrand yn Noard-Fryslân in soad oanhingers wûn. Dêr moast se ek wer útwike. Hja kaam yn Frjentsjer telâne en dêr is se weirekke.

Dat betreklik froufreonlike klimaat hie mear algemien te krijen mei in geast fan relative tolerânsje, dy't as karakteristyk sjoen wurdt foar de gewesten yn de Republyk. Dy tolerânsje wie rûnom yn Europa bekend. Undersikers dy't yn har eigen lân de romte net krigen of ferfolge waarden, sochten in taflechtsoarde yn de Republyk. Mar de tolerânsje wie relatyf, want tagelyk wie der ek in soad ortodoksy, dy't him tsjin tefolle nijljochterij fersette. En ûnoantaastber wie de posysje fan de herfoarme religy, dy't as de 'wiere' sjoen waard en de teologyske feroardielings fan ôfwikende rjochtingen wie ferheftich, en roomsken, menisten en oare as ôffallich beskôge oertsjûgings mochten har net al te iepentlik manifestearje. Mar it draaide nea út op ferfolgings. As in brânpunt fan ferljochte tinken kin de **universiteit yn Frjentsjer** beskôge wurde, mear as de folle behâldender universiteit fan Grins. Der wie in grut ferlet fan reedlikens, dat him utere yn it ôfwizen fan astrology en hekserij, fan ferdraachsumens en it nut fan empirysk ûndersyk. De Frjentsjerter universiteit mei syn moderne wittenskiplike opfettings wie dêrtroch in kweekfiver foar professoaren dy't oare universiteiten graach oanlutsen. Mar tagelyk loek Frjentsjer ek studinten rûnom út hiel Europa wei.

Der wiene rasjonalisten dy't ynternasjonaal namme makken, lykas de wiisgear en stjerrekundige **Johannes Holwarda**, (ûntdekker fan de stjer Mira Ceti), lykas de oriëntalist **Johannes Coccejus**, dy't ûnôfhinklik fan Cartesius ta it ynsjoch kaam dat foar de útlis fan de bibelske tekst kennis fan de grûntalen fan mear nut wie as de filosofy. De jurist **Ulricus Huber** sette mei syn 'Hedendaagsche Rechtsgeleerdheid' fan 1686 in wurk del, dat net ûnderdie foar it wurk fan Hugo de Groot, en Taco fan Glins loek de oandacht mei in stúdzje fan de seerjochten. De festingbouwer en wapenkundige **Menno van Coehoorn** levere in wichtige bydrage ta de ferdigening fan de ûnôfhinklikens fan de Republyk. Frjentsjer levere ek in bydrage oan de ûntwikkeling fan de kartografy, mei nammen as dy fan **Bernardus Schotanus à Sterringa**, de makker fan de bekende gritenij-atlas fan 1698, en Johannes Sems, dy't foaral bekend wurden is troch it fêstlizzen fan de lânskieding (grins) tusken Grinslân en Drinte. As skiedsskriuwer moatte **Pierius Winsemius**, offisjeel as sadanich yn tsjinst by de Steaten, en **Christiaan Schotanus** neamd wurde. Wat de Fryske skiedskriuwing oanbelanget is yn dit tiidfek **Johannes Althusius**, stedssyndikus fan Emden (1557-1638) ek fan belang, omdat hy in ferbân lei tusken de Fryske frijheid en it ferset tsjin de foarsten yn syn tiid. Hy kin beskôge wurde as grûnlizzer fan de opfetting, dat de soeveriniteit oan it folk heart, en net oan de monarch, en dat de steat berêst op in sosjaal kontrakt. Twa ieuwen nei him sil it ien fan de grûnlizzende ideeën fan de Frânske Revolúsje wêze. Wat it Fryske yntellektuele klimaat oanbelanget, falt op dat yn dy tiid in soad kultureel-wittenskiplike ynfloeden fan bûten lykop geane mei in grutte belutsenens op de eigen mienskip en in Frysk-nasjonaal gefoel fan grutskens op eigen lân en folk. Gjin tafal, dat krekt doe de Fryske taal, mei it wurk fan de dichter **Gysbert Japicx** (1603-1666) en syn neifolgers, lykas **Titia Brongersma**, **Simon Gabbema** en Petrus Baerdt en de Frjentsjerter heechlearaar **Everwinus Wassenbergh** (1742- 1826) yn de achttjinde ieu, in werberte belibbet. Tagelyk rekket de âlde Fryske

taal yn East-Fryslân hieltyd mear op de eftergrûn, om plak te meitsjen foar in frijwat op it Grinslânsk lykjende fariant fan it Leechdútsk. De gelikensens is net sa frjemd: beide (streek)talen binnen ûntstien op in Fryske basis.

Ek de keunst bloeide. Bekend waarden de lânskips- en stillibbenskilderes **Margaretha de Heer** (nicht fan Gysbert Japicx), dy't yn Grins en Ljouwert wurke, de portretskilders **Wybrand de Geest** en Nicolaas Wieringa en de musisy-komponisten **Jan Janszoon Starter**, Matthijs Mercker en **Jacques Vredeman**. De Fryske sulversmeikeunst mei nammen as Claes Baerdt, Tjeerd van der Lely en Rintie Jans stie op in heech peil.

Yn de achttjinde ieu bleau Frjentsjer, alhoewol minder foaroansteand, in sintrum fan wittenskip. Learden as Lambertus Bos, de yn Grins berne **Tiberius Hemsterhuis** en Lodewijk Valckenaer leine de basis foar in nije Grykske renêssânse yn de Nederlannen. Ek bekend wiene de wis- en stjerrekundige en dikebouwer **Willem Loré**, de filosoof en stjerrekundige Jean Henri van Swinden, de filosoof **Petrus Camper**, de wis- en natuerkundige Antonius Brugmans, dy't nei Grins, en de wiisgear en stjerrekundige Sebald Brugmans, dy't nei Leien gyng. Ferneamd oant fier bûten Fryslân waard de filosoof Fransiscus Hemsterhuis, soan fan Tiberius.

Tiid fan delgong (1800-1900)

De nije tinkbylden fan it patriottisme, de yn it lêste part fan de achttjinde ieu opkommende demokratyske beweging, krigen yn Fryslân ek in soad oanhing, mei it Steatelid **Coert Lambertus fan Beyma** as lieder en Frjentsjer as sintrum. De tanimmende tsjinstellings laten yn de simmer fan 1787 ta in semy-boargeroarloch mei de konservative oranzjisten. It patriottyske ferset stoarte lykwols yninoar mei de komst fan in Prusysk leger nei Hollân. De demokratyske idealen lieken pas ferwurklike wurde te kinnen mei de komst fan de Frânsen yn 1795. Mar de demokratyske revolúsje, dy't yn 1796 yn Fryslân ynsette, ûntaarde troch syn radikalisme, slimmer as earne oars yn de Nederlannen, yn in **skrikbewâld**. Dêrnei waard yn 1798 as gefolch fan in steatsgreep yn De Haach de gewestlike selsstannigens opheven. It is opmerklik dat dit yn Fryslân, dat sa lang fêsthouden hie oan syn ûnôfhinklikens, eins sûnder ferset trochset wurde koe, want ek de oanhingers fan de patriottyske revolúsje holden fêst oan de gewestlike autonomy. Doe't der yn 1744 in ein makke waard oan de soevereiniteit fan it greefskip East-Fryslân is der yn elts gefal noch mei prosessen besocht om dy werom te krijen. Mooglik oerhearske yn Fryslân de eangst nei it patriottyske skrikbewâld fan 1796-1798 tefolle. De âlde gewestlike soevereiniteit is nei it ferdwinen fan de Frânske besetting net weromkommen: it keninkryk Nederlân waard in **ienheidssteat**. Tagelyk wie dy ienheidssteat hielendal noch lang gjin demokrasy; dat waard it mear as in ieu letter pas, mei it ynfieren fan it algemien manljus- en frouljuskiesrjocht.

De ekonomyske, mentale, politike en kulturele gefolgen fan dy sintralisaasje wiene grut. Yn it begjin fan de ieu hie Fryslân noch wol aardich wat oer fan de foarnaamheid en de materiële en geastlike rykdom, dy't it gewest as selsstannige hearlikheid kend hie, mei syn eigen steadhâlderlik hof, syn universiteit, syn âlde stêden en stedsjes en syn hannel en syn admiraliteit. It wie yn 1820 in modern gewest, mei in soad lytse bedriuwen en in boerestân dy't rjochte wie op eksport en hannel. Yn it begjin fan de njoggentjinde ieu waarden yn de lânbou en feanterij yn Fryslân de heechste leanen fan de hiele Nederlannen betelle. It seit himsels, dat dat in soad arbeiders fan bûten oanloek, benammen út de earmere krite fan it keninkryk Hannover (de hantsjemieren of poepen). Mar sa bleau it net. Dat it dêrnei sa de bedelte yn gien is, kin net los sjoen wurde fan it net weromkommen fan de Fryske politike selsstannigens yn 1813. It ferlies fan it steadhâlderlik hof yn Ljouwert late ta in fuortgean fan in soad adellike lju, dy't Oranje efterneireizgen. En krekt dy minsken hearden ta de rike

grutgrûnbesitters yn Fryslân. In grut diel fan de opbringsten fan de lânhier ferdwûn dêrtroch tenei nei oare dielen fan Nederlân, benammen nei de midden en it westen. It gyng by dit **absinteisme** om hiele grutte sommen jild, dy't wol yn Fryslân fertsjinne wiene, mar dêr net wer bestege waarden. De net mear yn Fryslân wenjende grûnbesitters koene troch de gemeenten net mear oanslein wurde yn de belestings, wylst benammen fan 1880 ôf in grut tal Fryske gemeenten hieltyd mear oanfragen om bystân fan wurkleazen te ferwurkjen krigen. De sosjalist **Rindert van Zinderen Bakker** klage der yn 1891 yn de Feanterij-enkête oer, dat der krekt troch dat net oan te pakken finansjele probleem safolle fergroeven turflân net wer oanmakke wurde koe. Soks soe in pracht bydrage yn de striid tsjin wurkleazens en foar in wat better bestean fan de minsken wêze kind hawwe. Yn stee dêrfan tilde it yn de Fryske kranten fan dy dagen op fan berjochten oer hongeroptochten en in bea om wurk en brea.

Der sette al earder yn de ieu in nochal omfangryk **proletarisearringsproses** yn (in tanimmen fan it oantal leanôfhinkliken) en dat wylst de ekonomyske sitewaasje net geunstiger waard. Yn it foarste plak waard der in ûnbidige skea oanrjochte troch de **oerstreamingsramp fan 1825**, mei ek noch jierrenlange earmoed fan arbeidersminskten en dea troch sykten ta gefolch. Mar dêrby kaam in dúdlike **absolute ferearming**: tusken 1820 en 1870 klom it lean yn Fryslân dan wol mei 10 persint, mar yn itselde tiidrek gyngen de kosten fan libbensûnderhâld mei 50% omheech. It gefolch wie in sterke groei fan it tal earmen yn de stêden en yn de east- en súdeasthoeke fan de provinsje, dêr't in rige delsettings fan in nij type ûntstie: de heidedoarpen, befolke troch wurkleaze arbeiders en harren gesinnen. Hoe't it derhinne kaam te lizzen, die bliken by de folkstelling fan 1899. Oer hiel Nederlân rekkene, wenne yn dat jier 23% fan de befolking yn in ienkeamerwente. De trije noardlike provinsjes stieken dêr fier boppe út. Dy persintaazjes wiene foar Fryslân 48, Grinslan 58 en Drinte 62.

Dat wiist derop, dat de noardlike gewesten as de **perifery** fan it nije keninkryk behannele waarden. In soartgelikense behanneling wie nammers it diel fan de âlde Generaliteitslannen Noard-Brabân en Limboarch. Dêr kaam by, dat der yn de njoggentjinde ieu gjin oerheidsbelied bestie om mei in aktyf yngripen misstannen rjocht te setten. Tagelyk soarge dy oerheid der mei it begjin meitsjen mei **nije ynfrastruktuer** (it oanlizzen fan in spoarweinet) foar dat de noardlike gewesten net al te gau oansletten rekken en doe't dat al barde, krigen de ferbinings mei it sintrum fan Nederlân de prioriteit, en net de ferbinings nei it easten (Noard-Dútslân) ta, lykas men dat yn Fryslân en Grinslân graach wold hie, omdat se dêr yn it ferline in soad foardiel fan hân hiene. Harns krige dêrtroch de kâns net, om – wat de lju hiel graach wold hiene - him ta in transitohaven te ûntwikkeljen. In útwei út de ekonomyske need seagen in soad minsken yn **emigraasje** nei Amearika en oare oerseeke gebieten, alhoewol't der yn 'e midden fan de ieu ek godstsjinstige motiven in rol spile hawwe; yn it troch de herfoarme tsjerke dominearre keninkryk fielden in soad ortodokse lytse lju harren net sa thús. Fan 1836 ôf wie de nije tsjerklike organisaasje fan dy minsken (de **Ofskieding**) nochal tsjinwurke. Yn it tiidrek 1880-1900 ferlieten sa'n 10.000 minsken Fryslân en emigrearren, haadsaaklik nei de Feriene Steaten fan Noard-Amearika. Dêr spile de ekonomyske need in hiele grutte rol. Dêr binne dejingen dy't om wurk en in bestean nei oare dielen fan Nederlân gyngen, noch net by rekkene.

De mentale gefolgen moatte ek net ûnderskat wurde. De sintralisaasje sterke it **proses fan ferfal** fuort. Minsken mei ambysje en ûndernimmingssin ferlieten Fryslân. Grinslân kaam wat geunstiger nei foaren, omdat de universiteit yn Grins bestean bleau en omdat dêr, mear as yn Fryslân, nije bedriuwstûken ûntstiene. De Fryske provinsjale bestjoerders diene allinnich noch wat it ryksregear woe. In doelbewuste provinsjale polityk waard net neistribbe, mar ek net wold. Steatkundige fyzje ferdwûn. De havens, ienris de poarten nei de wrâld, hiene allinnich noch mar in lokale funksje. It âlde idee fan in histoaryske ferbûnens mei Grinslân en East-Fryslân rekke troch it fuortsterkjen fan it

idee dat Fryslân in provinsje fan it keninkryk wurden wie, alhiel op 'e eftergrûn. De tanimmende belutsenens by de 'oerseeske gebietsdielen' yn Azië fûn syn oarsprong yn Hollân en wreide him stadichoan út oer it hiele keninkryk, mar waard yn it noarden net sa yntinsyf as op oare plakken. Dat kin as in soarte fan 'ynterne kolonisaasje' sjoen wurde, dy't ek sterk befoardere waard troch in út De Haach wei foarskreaune ûnderwiispolityk. Steatkundich sintralisme late ek ta it sintraal byinoarbringen fan wichtige wurkgelegenheid. En dat sterke wer de tendins fuort om de nije ferkearsferbinings dêrop oanslute te litten. En dat late wer ta in fierdergeande periferisearring yn regio's dy't swak wurden wiene. Mar nettsjinsteande dat is Fryslân nea folslein kolonisearre. Der is in soarte fan eigenheid en homogeniteit binnen Fryslân bestean bleaun, dy't makket, dat der ek nei 1813 oant hjoed de dei ta sprutsen wurde kin fan ûntwikkelings mei in eigen, net alhiel by it Nederlânske patroan passend, aksint. Soks leit op polityk en godstsjinstich mêd, mei frijsinnigens en in ier ynsettende **bûtentsjerklikens**. Mar ek op sosjaal-ekonomysk fjild: nearne is safolle staakt yn de hiele njoggentjinde ieu as yn de Fryske lege feanterijen.

Politike bewegings begûnen har yn de njoggentjinde ieu neffens 'lanlike' linen te bewegen, ek yn Fryslân. Dat betsjutte dat polityk tinkende lju har folslein rjochten op de 'nasjonale' (Nederlânske) polityk. Der wiene lykwols inkelen dy't wisten, dat it ek oars koe: **Daam Fockema**, de patriot en federalist, en de kranteman **Jan Frederik Jansen** út Harns, dy't fan 1862 ôf fan syn *Friesche Courant* in platfoarm makke foar Fryske stânpunten. En hiel opmerklik: yn 1848, it revolúsjeier, wie der yn Noard-Fryslân it optreden fan de romantyske non-konformist en frijheidsstrider **Harro Harring**, dy't – ûnder grutte belangstelling, mar sûnder súkses – in Noard-Fryske frijsteat proklamearre. Dôchs binne der binnen de 'lanlike' bewegings dôchs ek streamings mei in dúdlik Frysk aksint, mei as meast útsprutsen foarbyld de sosjalistyske *Friesche Volkspartij* mei de krante it *Friesch Volksblad*, mei redakteur Oebele Stellingwerf en syn frou **Trui Stellingwerf-Jentink** as stimulearjende Frysk-kulturele figuren.

Opmerklik genôch kaam it krekt op kultureel mêd wol ta in fernijing. De sluting fan de **Frijtsjerter universiteit**, hoe bot ek betreure, wie dêr mooglik ien fan de oarsaken fan. Yn 1827 kaam it **Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde** ta stân, dat mear wie as in selskip foar de stúdzje fan histoaryske problemen, mar ek besocht om de nije posysje fan Fryslân yn it keninkryk mei histoaryske argumintaasje te beskriuwen. Yn 1844 waard it **Selskip for Fryske tael- en skriftekennisse** oprjochte, dat as it offisjele begjin fan de Fryske Beweging besjoen wurde kin, hoewol't der al earder (1823) yn Boalsert in grutte betinking fan Gysbert Japicx holden wie. Dat wer oplibjen fan it Fryske nasjonalisme gyng lykop mei in belangstelling fan Nederlânske en Europeeske yntellektuelen foar Fryslân: Jacob van Lennep, Hendrik Tollens, Willem Bilderdijk, Jakob Grimm, Wilhelm von Humboldt, John Bowring en Karl Freiherr von Richthofen. **Joast Hiddes Halbertsma** (1789-1869) wie in man mei in soad ynternasjonale kontakten en korrespondearre mei Grimm. Hy wie ien fan de bruorren Halbertsma, de gearstalders fan de súksesfolle, yn it Hollânsk en it Dútsk oersetste *Rimen en teltsjes*. It Fryske nasjonalisme is yn de njoggentjinde ieu sûnder mear progressyf te neamen; it wurdt faken yn ferbân brocht mei liberalisme en letter sosjalisme, mei teologysk modernisme en ferljochtingsoptimisme. De byldzjende keunst lykwols spile him foaral bûten de provinsje ôf. Willem Bartel van der Kooi (1768-1836) wurke noch yn Fryslân, mar lettere keunstners festigen har bûten Fryslân. **Laurens Alma Tadema** (1836-1912) fan Dronryp waard ferneamd yn Ingelân en **Pier Pander** (1864-1919) yn Rome.

Tiid fan de wrâldoarloppen (1900-1950)

In wichtige assimilearjende rol – yn de sin fan assimilaasje fan it Fryske elemint oan de ienheidssteat – is yn de foarste helte fan de tweintichste ieu yn Fryslân spile troch twa grutte politike streamings:

de **sojsaal-demokrasj** (**SDAP**) en de **anty-revolusjonêre partij** (**ARP**). Beide bewegings wiene yn Fryslân tige sterk – wat de sosjalisten oangyng, wie it gewest Fryslân fan de SDAP oant yn de earste desennia fan de tweintichste ieu it grutste fan alle gewesten yn Nederlân. Benammen dat hearren ta de SDAP en de grutte populariteit fan de yn Fryslân berne en grutwurden **Piter Jelles Troelstra** – by eintsjebeslút ek noch in wichtich Frysk dichter – joech de Fryske oanhing in sterk en ek grutsk gefoel derby te hearren en folslein mei te tellen. Wie it ek net in Frysk kiesdistrikt – Skoatterlân – dat yn 1888 de earste sosjaal-demokraat, **Ferdinand Domela Nieuwenhuis**, yn de Keamer stimd hie? De leden fan SDAP en ARP seagen yn in goede lanlike fertsjintwurdiging de bêste kânsen foar har emansipaasje. It wie ommers foaral ek oan de ynset fan Troelstra en de SDAP te tankjen dat der úteinlik dôchs algemien kiesrjocht kommen wie yn Nederlân. De Fryske sosjaal-demokrasj hie oan de Twadde Wrâldoarloch ta yn de Nederlânske beweging in dúdlik eigen gesicht, mear as de ARP, dy't him, yn markante tsjinstelling ta lange jierren de SDAP, **tige belutsen** fielde by de **Nederlânske naasje** en benammen it **Oranje**hûs. Dôchs soe krekt út rûnten dy't tichte by de ARP stiene, om 1930 hinne mei in rede fan **Eeltsje Boates Folkertsma**, in goed ûnderboud pleit komme foar selsbestjoer foar Fryslân binnen it Nederlânske steatsferbân. Op dy rede is nei de Twadde Wrâldoarloch fierder boud. By in brede trochsneed fan de Fryske polityk waard de winsk ta **desintralisaasje** fan de bestjoerlike ferhâldings yn Nederlân ûnderskreaun.

De yn de njoggentjinde ieu trochsetten sosjaal-ekonomyske efterútging, waard yn de earste helte fan de tweintichste ieu net fuortwurke, hoewol't der stadichoan wol wat te'n goede feroare yn de libbensomstannichheden. Oan de ein fan de njoggentjinde ieu wie in nije yndustry opkommen, dy yn de **suvel**, dy't yn in soad plakken foar nije wurkgelegenheid soarge. De boerestân ûntwraksele him oan de negative gefolgen fan de grutte lânboukrisis fan 1880-1900. En Fryslân krige ek syn diel fan allegearre (technyske) fernijings dy't it libben noflikker makken (it kommen fan de elektrisiteit, de radio, telefoan, ferhurde wegen, ferbettering fan it spoar). Wichtich foar takomstige ûntjouwings wie de oanlis fan de *Ofslútdyk*. Mar de Fryske ekonomy wie wol hiel **sterk agrarysk** en dy iensidigens wie der de oarsaak fan, dat der nea wurk wie foar elts. It gefolch wie in jierren trochsettend **fertrekoerskot**, dat yn 1865 ynsette en dat oanhold oant yn de twadde helte fan de tweintichste ieu. Djiptepunten wiene de jierren 1880-1900, 1928-1930 en 1948-1952. Ek bestie der benammen yn it easten fan de provinsje in strukturele wurkleazens. It pleatsen fan de wurkleazen yn grutte **wurkferskaffingsprojekten** brocht gjin oplossing, omdat dy arbeiders hiel min betelle waarden. Inkelde kearen, yn 1925 en 1932, late dat ta grut opskuor mei stakings en it ynsetten fan militêren. De beleannings yn de ûnderskate wurkferskaffings yn Nederlân rûnen nochal wat útinoar: dy yn Amsterdam bygelyks leine op syn minst fjouwer kear sa heech as op guon plakken yn Fryslân. It regear fielde neat foar it oplûken fan de Fryske tariven, omdat soks de pleatslike leanstandert bedjerre soe.

In regionaal ryksbelied bestie yn dy dagen net. Pas yn de krisistiid, yn 1936, kaam der in begjin fan in **yndustrialisaasjebelied**. Mar de praktyk, om allinnich inisjativen mei ryksjild te stypjen dy't de ryksoerheid fan 'nasjonaal' belang achte, bleau bestean. Dat betsjutte dat krektlyk as tusken 1900 en 1936 it gefal wie, de ryksstipe dêrnei ek haadsaklik yn Hollân en Utert telâne kaam, bygelyks by de KLM en de grutte skipfeart, en alhiel net yn it noarden fan it lân. Inisjativen dêr waarden sels fan rykswege ûntmoedige. De ferskillen tusken plattelânsregio's en stêdlike sintra waarden ek nochris fergrutte troch de saneamde **gemeenteklassifikaasje**, in ûnrjochtfearnich systeem om foar útkearings oan gemeenten foar it plattelân tige ûngeunstige ferskillen ta te passen. Nammerste opmerkliker bliuwt it, dat Fryslân net folle diel like te hawwen oan de yn de krisistiid fan 1930-1940 rûnom yn Nederlân ynsettende antydemokratyske krytyk. Oars as yn in buorprovinsje as Drinte en ek

yn de Fryslannen yn Dútslân krigen **faksisme en nasjonaal-sosjalisme** yn Westerlauwersk Fryslân gjin foet oan de grûn. De sterke posysjes fan SDAP en ARP wiene dêr fansels net frjemd oan.

De **Twadde Wrâldoarloch** (1939-1945), mei de Dútske besetting fan sawat fiif jier mei syn terreur en ferfolging, ferge hiel wat fan de fearkrêft fan de Fryske mienskip. Ek Friezen koene de ferlieding fan kollaboraasje mei de besetter net wjerstean, hoewol't de ynstimming mei it rezjym hjirre yn it neat foel by de stipe, dy't Hitler yn East- en Noard-Fryslân krige. Dêr tsjinoer stiet, dat der yn Fryslân frijwat Joadske ûnderdûkers in plak fûnen en in goed organisearre **fersetsbeweging** fan 'e grûn kaam, dy't sels in aktive rol spylje koe by de help oan de Kanadeeske befrijers yn april 1945. Sa late de besettingstiid oan de iene kant ta in fierder tagroeien op in Nederlânske ienheid, mar oan de oare kant befoardere it ûntbrekken fan in sintraal Nederlânsk gesach en foaral ek it feit dat men jin mar sjen moast te rêden, ek in folle autonomer opstelling. It feit dat ek yn Fryslân yn de lêste oarlochs- en hongerswinter in soad bern út de Hollânske stêden in plak fine koene, wylst de fersetsbeweging in goed organisearre ylllegale helpaksje foar Amsterdam op tou sette, droech ta dat Fryske selffertrouwen tige by.

Kulturele bloei wie der ek yn de foarste helte fan de tweintichste ieu en dy kaam foar in wichtich part út de Frysk-kultureel bewuste rûnten wei, mei dichters en literators as **Douwe Kalma**, **Obe Postma** en **Fedde Schurer**. Guon polityk-aktivistyske skriuwers en dichters yn de Fryske Beweging gyngen yn de besettingstiid de wei op nei **kulturele kollaboraasje** mei de Dútsers. Opmerklik is dat yn dit tiidrek ek twa grutte Nederlânske literators út Fryslân komme: **Jan Slauerhoff** en **Simon Vestdijk**. Der bestie yn Fryslân foar 1940 net in geunstich klimaat foar in bloei fan de byldzjende keunst. De trend om fuort te gean, dy't al yn de njoggentjinde ieu begûn wie, sette him troch. In iensume figuer wie **Gerrit Benner** (1897-1981), dy't yn Ljouwert wurke, mar kontakten hie mei Appel en Corneille en mei **Hendrik Werkman** (1882-1945) fan de Grinslanner keunstnersgroep **De Ploeg**. De Drachtster keunstner Thijs Rinsema (1877-1947) helle de Dadaïst Kurt Schwitters nei Fryslân.

Tiid fan televyzje en kompjûter (1950-2000)

It jongste tiidrek wurdt yn Fryslân, lykas yn hiel Nederlân, karakterisearre troch in tal ûntwikkelings: it kommen fan de **fersoargingssteat**, it feroarjen fan de **gesachsferhâldings**, **yndividualisearring**, in sterk tanommen **mobiliteit** en tige grutte technologyske feroarings, troch de komst fan de **kompjûter**. Dôchs kinne de as typysk Nederlânsk beskreaune ûntjouwings net sûnder mear yn syn gehiel fan tapassing ferklearre wurde op Fryslân. Dat hat te krijen mei de yn de eardere haadstikken beskreaune foarskiednis. Beskate aksinten lizze yn Fryslân (en it noarden) wat oars as yn bygelyks de Rânestêd.

De Dútske besettingstiid wie foar de Nederlânske ekonomy in ramp. Dêrby kaam noch it ferlies fan Ynje yn 1949, dêr't de funksje fan Amsterdam as koloniaal hannelssintrum mei ferlern gyng. 'Indië verloren, rampspoed geboren', waard yn dy jierren sein. De oplossing om út de ekonomyske problemen te kommen waard sjoen yn in grutte, planmjittige **yndustrialisaasje**. Yn de earste jierren fan 1948 ôf waard dêrby in belied fierd dat delkaam op sintralisaasje fan de yndustry yn it westen fan Nederlân. Tagelyk wie der nei de oarloch noch fan alles mis mei de sosjale rjochtfeardigens. It tal ien- en twakeamerwenten op hûndert bewenne huzen stie noch yn 1956 yn Fryslân op iensume hichte.

It andert dêrop fan it ryksregear wie: de **fersoargingssteat**. It begjin dêrfan is it fêststellen fan de *Algemene Alderdomswet* yn 1957. Dêrnei folgen oare maatregels om de fersoargingssteat út te

bouwen, mei rommere wetjouwing oangeande arbeidsútfal troch sykte en wurkleazens. Yn 1955 wiene by it Grinlânske doarp *Slochteren* grutte foarrieden **ierdgas** ûntdutsen. Fjouwer jier letter pas waard dat feit bekend makke. Dêrmei wie in grutte en rike boarne fan ryksynkomsten bleatlein. Nederlân koe tanksij it ierdgas in lân wurde dêr't foar fan alles en noch wat **subsydzjes** wiene. Mar omdat it ierdgas eins haadsaaklik yn de grûn fan Grinlân en nei letter bliken die ek – mar dan minder as yn Grinlân – yn Fryslân en Drinte siet, waard it gas ûnderwerp fan **politike en finansjele easken** fan noardlike aksjegroepen, politike partijen en bestjoerders. Sûnder súkses lykwols.

De útbou fan de fersoargingssteat late lykwols ek ta it ta stân kommen fan in **regionaal belied**. Hoewol't de bedoelings goed wiene – de ryksoerheid woe it Noarden net fierder polityk en psychologysk ôfdriuwe litte – laten de útkomsten derfan net ta it ferdwinen fan de struktureel hegere wurkleazens. Der kamen meast **filiaalbedriuwen** fan grutte konserns nei it Noarden, lykas Philips en Akzo, wylst der te min oan fernijing dien waard. De oaljekrisis fan 1973 wie de earste oanwizing dat de enerzjyposysje fan Nederlân bêst ris faai komme koe te stean, nettsjinsteande it ierdgas. Doe't kabinet, wurkjouwers en wurknimmers yn it saneamde **Akkoart fan Wassenaar** fan 1982 besleaten om de leankosten nei ûnderen te bringen, sadat bedriuwen wer konkurrearjend makke wurde koene, betsjutte dat ek it begjin fan it **ôfbrekken fan it regionaal belied**.

Undertusken wie der, ek mentaal, nochal wat feroare. Yn it foarste plak de **gesachsferhâldings**. Oer it generaal wurdt it begjin fan it feroarjen fan dy ferhâldings pleatst yn de jierren sechstich, mei it kommen fan de provo-, studinte- en flower power-bewegings. Dôchs soe ek ús eigen Fryske reboelje fan 1951, **Kneppelfreed**, wol wat yn dat ljocht sjoen wurde kinne. Der ûntstie in hiel trelit yn de Nederlânske parse - Nederlân wie sa'n oantaasting fan it gesach net wend - en it Ljouwerter opskuor sette likegoed de trend nei oare ferhâldings. Ferskil mei de bewegings fan de jierren sechstich is dat de beweging fan Kneppelfreed sels net sokke grutte maatskiplike gefolgen hie as dy fan provo's en studinten. Kneppelfreed hie wol gefolgen foar it belied oangeande de Fryske taal. Der kaam in lange bemuoienis fan it Ryk mei de **Fryske taalpolityk** út fuort, dy't wiswier net sûnder fertuten west hat.

De fersoargingssteat en de útfining fan de **antykonsepsjepil** feroarsaken elk foar har in fiergeande **yndividualisearring**. Froulju krigen in folle gruttere frijheid ek al omdat de foarsjennings in relative finansjele ûnôfhinklikens mooglik makken. De âlde ferpyldere ferbannen – de lange tiid hiel stabyl lykjende organisaasjes fan minsken op grûn fan leauwe en libbensskôging - dy't oant yn de jierren sechstich ta sa wichtich west hiene foar de maatskiplike stabiliteit, ferdwûnen. Dêrtroch koene fan dy tiid ôf politike partijen net mear sa wis wêze fan har âlde efterban. It ferskynsel flechtige kiezer die syn yntree, mar tagelyk fûnen kiezers ek in nij tehûs op grûn fan nije mienskiptideeën. Wat Fryslân oangiet, is de **Fryske Nasjonale Partij** (oprjochte ein 1961) in moaie yllustraasje fan dy lêste ûntjouwing.

Mei de sterk tanommen mobiliteit troch de ûnbidige groei fan it tal auto's feroare it libben yn de doarpen yngripend. Hoewol't der wol eangst foar west hat, binne de doarpen, dêr't krekt yn Fryslân sa'n soad fan binne, net weiwurden. Se hawwe wol in oare funksje krigen: minsken wenje net mear yn in doarp omdat dêr har wurk is, se wenje der omdat se derfoar kieze. Sa binne der ferskillende **doarpstypen mei in nije gearing** ûntstien: plakken mei foarsjennings foar minsken mei jonge bern en plakken foar rêstich wenjen. De **boeren**, dy't earder de rêchbonke fan it Fryske plattelân foarmen, binne oan de ein fan de ieu foar in grut part ferdwûn. Dat hat ek ta oare ferhâldings op it plattelân laat.

Tagelyk is dêr noch altyd dy Fryske mienskip, mei in eigen taal en in eigen histoaryske eftergrûn. Dy mienskip libbet yn in wrâld dy't yn in heale ieu sterker feroare is as yn folle langere tiidrekken derfoar. Ynfloeden fan bûten wurkje folle sterker yn as earder. Benammen yn de Rânestêd is de ôfrûne desennia in multykulturele maatskippij ûntstien mei in soad allochtoanen, dy't syn eigen problemen meibrocht hat. Dy problemen geane oan Fryslân net foarby.